

Leardoelen

Troch de útlis en oefeningen yn dit katern:

- ...kin ik de letters f,v, s en z goed brûke;
- ...ken ik de persoanlike en besitlike foarnamwurden;
- ...kin ik de tiidwurden wêze en hawwe brûke;
- ...kin ik oaren begroetsje en mysels foarstelle yn it Frysk;
- ...kin ik telle oant 100.

Door de uitleg en oefeningen in dit katern:

- ...kan ik de letters f,v, s en z goed gebruiken;
- ...ken ik de persoonlike en bezittelijke voornaamwoorden;
- ...kan ik de werkwoorden wêze en hawwe gebruiken;
- ...kan ik anderen begroeten en mezelf voorstellen in het Fries;
- ...kan ik tellen tot 100.

TAALSKETS

F/V & S/Z




Oan it begjin of
ein allinnich F!

FISK



fii

FROU



SINNE




Oan it begjin of
ein allinnich S!

SEIS


Yn 'e midden kin
de V of Z foarkomme,
dat hearst oan
de útspraak.



RAZE



DRAVE



E

Studio Edward Kobus

afûk



Opdracht 1 – Stavering f/v en s/z

Je hebt geleerd wanneer we in het Fries de f, v, s of z gebruiken. Tijd om ermee te oefenen! Toch hulp nodig? Bekijk de poster van de Taalskets of zoek op YouTube naar een uitlegfilmpje. Zoek op 'Taalskets f/v s/z'.

Probeer nu deze Friese woorden compleet te maken:

Nederlânsk	Frysk
1. vlug	. luch
2. vervelend	. e r . elend
3. vechten	. jochtsje
4. vriend	. reon
5. logeren	út . an hûs
6. verschil	. erskil
7. gevaarlijk	ge . aarlik

Nederlânsk	Frysk
1. centrum	. intrum
2. zeeziek	. ee . iik
3. bezwaar	be . wier
4. centrale	. intrale
5. zon	. inne
6. zoeken	. ykje
7. december	de . imber
8. champagne	. jampanje



Opdracht 2 – De fiskmigraasjerivier – f/v en s/z

- a. Streep het verkeerd geschreven woord door.

De Fiskmigraasjerivier

Yn in lettere les **zilst/silst** mear leare oer de Ofslútdyk, dy't rint fan Noard-Hollân nei **Fryslân/Vryslân** ta. Earst besjogge wy in nije oanpassing oan de Ofslútdyk, nammentlik de Fiskmigraasjerivier.

Eartiids, foar't de Ofslútdyk der wie, rûn de **Waadzee/Waadsee** troch yn de **Suderzee/Zuderzee/Sudersee/Zudersee**. Dat is wat wy no de Iselmar neame. Earder wie dat **sâlt/zâlt** wetter, no is dat **swiet/zwiet** wetter.

Dat makket ús minsken neat út, mar **visken/fisken** wol! Dochs binne der fisken dy't yn beide soarten wetter libje, bygelyks de iel of de **salm/zalm**. Normaal wenje dy yn de see, mar foar it **fuortplantsjen/vuortplantsjen** (dus: bern krije) komme **se/ze** nei de mar ta. Dêrfoar is dus in **rifier/rivier** oanlein, de Fiskmigraasjerivier.

Dêrfoar wie in bulte **zân/sân** nedich. Dat waard wûn op oare plakken yn de Iselmar. Ast de Iselmar goed **besjen/bezjen** wolst, kinst it bêste nei de stêd **Ztarum/Starum** ta. Dêr is ek in moaie **fontein/vontein** te sjen, yn de **voarm/foarm** fan in grutte fisk! Fansels kinst dêr ek in lekker **fiskje/viskje** ite. Mmmmmm!

- b. In de tekst gaat het over een van de Friese elf steden. Welke stad?

.....

Ben je er wel eens geweest?

.....

- c. Welke Friese stad is jouw favoriet? Waarom?

.....

- d. In de tekst gaat het over vissen. Ben je zelf een visser?

Wat is de grootste vis die je gevangen hebt?

.....

.....



Opdracht 3 – Ferbyn de sin – f/v en s/z

Ferbyn de sin mei it goede plaatsje. Folje dêrnei de goede letter yn. Kies út f/v of s/z.

1. Jesse hat in lyts ___uske krigen. Meastentiids is ___e leaf, mar se kin ek goed ra___e!
2. Myn buor ___rou wurket as learare___. Se stiet de hiele dei nei it boerd te wi___en.
3. Us heit ___it yn in boat. Neist fi___kje mei er graach wat fer___je.
4. Us ge___in bestiet út ___jouwer minsken. Wy geane su___er alle dagen wol te kuierjen.
5. Myn nee___ke is gek op ús ___warte hûn en giet graach mei him te dra___en.
6. Bisto de broer ___an dat ___amke? Binne jim krektlyn ferhu___e?



Foarnamwurden

Persoanlike Foarnamwurden binne wurden om, de namme seit it al, yn it plak fan in **persoan** of namme te brûken. Se ferwize dus nei minsken, bisten of dingen dy't wat dwaan, wêze of hawwe kinne.

Besitlike Foarnamwurden hawwe ek al sa'n tapaslike namme. Dy wurden jouwe oan wat fan ien is, it **besit**.

Ien persoan

<i>Persoanlik</i>	<i>Besitlik</i>	<i>Nederlânsk</i>
Ik bin Femke.	Dat is myn namme.	Ik, mijn
Do bist Jorn.	Dat is dyn namme.	Jij, jouw
Hy is Piter.	Dat is syn namme.	Hij, zijn
Sy is Marike	Dat is har namme.	Zij, haar
Jo binne De Vries.	Dat is jo namme.	U, uw

Mear persoanen

<i>Persoanlik</i>	<i>Besitlik</i>	<i>Nederlânsk</i>
Wy wenje hjir.	Dit is ús hûs.	Wij, ons
Jim wenje hjir.	Dit is jim hûs.	Jullie, jullie
Sy wenje hjir.	Dit is harren hûs.	Zij, hun

Ferskil mei Nederlânsk

Friezen sizze faak mar “ús mem, ús heit” yn plak fan “myn mem, myn heit”. Sels as se gjin sibben (broers of sussen) hawwe!

Oare foarmen

Dan binne der noch twa foarmen dy'tst witte moatst:

	<i>Foarwerpfoarm</i>	<i>Selsstannige foarm</i>
Ik ha in hûn.	De hûn is fan my .	It is mines .
Do hast in hûn.	De hûn is fan dy .	It is dines .
Hy hat in hûn.	De hûn is fan him .	It is sines .
Sy hat in hûn.	De hûn is fan har .	It is harres .
Jo hawwe in hûn.	De hûn is fan jo .	It is jowes .
Wy hawwe in hûn.	De hûn is fan ús .	It is uzes .
Jim hawwe in hûn.	De hûn is fan jim .	It is jimmes .
Sy hawwe in hûn.	De hûn is fan harren .	It is harren .



Opdracht 4 – Elske DeWall en foarnamwurden

- a. Hieronder vertelt zangeres Elske DeWall hoe zij het vindt om in het Fries te zingen. Onderstreep de persoonlijke en bezittelijke voornaamwoorden. Het zijn er negen.

Hee, ik bin Elske en
ik wie krekt in Frysk
ferske oan it sjongen.
Wolst do (wolsto) in stikje hearre?

Dûnsje my dyn moaiste, leafste, fjurrichste djipte yn.

Ja, dat Frysk, dat bliuwt eins altyd moai. Ik bin altyd bliid dat ik
yn it Frysk sjong, it is myn memmetaal en it fielt hiel natuerlik om
Frysk te sjongen. Dus, dat sil ik ek altyd dwaan bliuwe!

- b. Elske vertelt verder over wat de Friese taal voor haar betekent. Maar nu zijn er gaten in de tekst gevallen. Vul de goede Friese voornaamwoorden in. De Nederlandse staat er al voor je achter.



Ik brûk it yn myn wurk ek wolris, (ik) jou sjongles
yn it Frysk, en dan helpt it enoarm datst deselde taal praatst.

Ik wurd ek hiel faak oankundige as ‘de Friezin Elske DeWall’, ek yn de rest fan
Nederlân. Dat snap ik wol, Fryslân hat in hiel dúdlike identiteit en ik tink dat it just ek
hiel moai is om (je) dêroan te ferbinen en ik bin der hiel grutsk op.

Ik fied (mijn) soan op yn it Frysk. Dat wie eigentlik al fan doe’t (hij)
berne waard ôf al, dat ik tocht: ik kín ek hielendal net
Nederlânsk tsjin (hem) prate.



Opdracht 5 – Foarnamwurden, oare foarmen

Kies hieltyd it goede antwurd. By elk antwurd sit in letter; ast it goed dochst foarmje dy letters in Frysk wurd.

1. Myn suske is sljocht op ús kat, en oarsom. It bist is dus dúdlik fan
 - a. my **B**
 - b. jim **L**
 - c. har **M**

2. Buorman hat dochs in griene scooter? Sjoch dêr, is dat net ?
 - a. sines **I**
 - b. harren **W**
 - c. uzes **N**

3. Wy binne ferdwaald, witsto hoe't wy by camping komme?
 - a. ús **E**
 - b. uzes **F**
 - c. jimmes **G**

4. Ik sykje de supermerk. Kinne my miskien fertelle hoe't ik dêr kom?
 - a. do **L**
 - b. jo **N**
 - c. hy **R**

5. Syn tas is krekt oars as Dy fan my hat wat ekstra fakjes.
 - a. mines **S**
 - b. sines **L**
 - c. dines **T**

6. Pake en beppe binne ferhuze en hawwe âlde hûs ferkocht.
 - a. myn **Y**
 - b. harren **K**
 - c. ús **A**

7. No ja sis, Doutsen! Hasto no noch net make-up opromme?
 - a. syn **K**
 - b. dyn **I**
 - c. har **D**

8. Wy hawwe juster krekt sa'n caravan kocht as jim, mar is wat âlder.
 - a. jimmes **P**
 - b. harren **E**
 - c. myn **O**

Antwurd:

Wêze en Hawwe

Miskien wol de meast brûkte en wichtichste tiidwurden (werkwoorden) yn it Frysk -eins, yn in protte talen- binne **wêze** en **hawwe**, yn it Nederlânsk *zijn* en *hebben*. Hjir alle foarmen, mei gelyk wat mear oer tiidwurden yn it algemien.

Alderearst, de persoanen: wy kinne it hawwe oer de 1e, 2e of 3e persoan inkeltal (*enkelvoud*). Dat binne **ik**, **do**, en **hy/sy/it**. Itselde jildt foar it meartal (*meervoud*), mar omdat dat hieltyd deselde foarm krijt hâlde wy se by-inoar: **wy**, mar ek **jim**, **sy** en **jo**.

Wêze	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Ik	bin	wie	Ik ha west
Do	bist	wiest	
Hy/sy/it	is	wie	
Wy/jim/sy/jo	binne	wiene(n)	

Dus net: ik bin west!

Hawwe	Notiid	Doetiid	Mulwurd
Ik	ha	hie	Ik ha hân
Do	hast	hiest	
Hy/sy/it	hat	hie	
Wy/jim/sy/jo	hawwe	hiene(n)	

Dêrby in pear saken om te ûnthâlden:

- **Notiid** is *nu* (*tegenwoordige tijd*). Doetiid is *toen* (*verleden tijd*).
- Wy skriuwe hjir '**ik ha**', mar kinst yn teksten ek it âldere '**ik haw**' tsjinkomme.
- Yn it gefal fan **do** (*ji*) yn de freegjende foarm kinst it wurdse do oan it tiidwurd fêstplakke, of sels fuortlitte!*
- Wy skriuwe hjir **jim**, mar ek **jimme** is goed Frysk.
- **Jo** is Frysk foar *u*. Yn it Nederlânsk brûkst dêr deselde foarm foar as by *hij/zij*, mar yn it Frysk brûkst de meartalsfoarm! (Nuver, want do neamst nooit meardere minsken **jo**...)
- It **mulwurd** (*voltooid deelwoord*) wurdt altyd brûkt mei in foarm fan wêze of hawwe derby. Ek dêrom binne dy twa tiidwurden sa wichtich!

* Understeande sinnen binne goed Frysk:

Bisto op skoalle? / **Bist** op skoalle?

Hasto moarn tiid? / **Hast** moarn tiid?

Watst dus **net** dochst yn in freegjende sin is: *Bist do op skoalle? Hast do moarn tiid?*



Opdracht 6 – Wêze en Hawwe

De wichtichste tiidwurden yn it Frysk (mar ek yn oare talen!) binne **wêze** (zijn) en **hawwe** (hebben). Kinsto de goede foarmen ynfolje sûnder op de kaart te sjen?

De belangrijkste werkwoorden in het Fries (maar ook in andere talen!) zijn **wêze** (zijn) en **hawwe** (hebben). Kun jij de goede vormen invullen zonder op de kaart te kijken?

Wêze	<i>Notiid</i>	<i>Doetiid</i>	<i>Mulwurd</i>
Ik			Ik ha
Do			
Hy/sy/it			
Wy/jim/sy/jo			

Hawwe	<i>Notiid</i>	<i>Doetiid</i>	<i>Mulwurd</i>
Ik			Ik ha
Do			
Hy/sy/it			
Wy/jim/sy/jo			



Opdracht 7 – Wurdsiker

Sykje yn ûndersteande wurdsiker de foarmen fan de tiidwurden ‘wêze’ en ‘hawwe’ en de persoanlike foarnamwurden. De foarmen steane horizontaal, fertikaal en diagonaal yn de puzel.

do bist - do hast - hy hat hân - hy hat - ik bin - ik ha

ik ha west - it is - sy binne - wy binne - wy hawwe

k	o	z	w	i	b	b	y	a	w	j	b	v	y	o	r
n	o	x	r	g	w	p	i	b	g	h	a	j	i	x	k
I	n	r	n	t	w	i	z	m	r	t	m	y	d	j	n
x	c	r	h	y	h	a	t	n	w	i	g	k	k	v	g
n	r	u	v	o	i	p	s	j	y	v	b	y	c	m	n
z	w	k	n	k	x	k	a	l	h	s	w	m	i	v	n
a	n	y	b	k	k	e	h	w	a	v	x	h	d	n	r
p	r	i	b	c	u	i	o	a	w	w	v	j	b	a	o
e	n	t	s	i	b	o	d	h	w	a	g	h	l	y	f
c	p	q	i	e	n	p	j	k	e	e	k	j	h	r	x
u	n	e	t	m	e	n	n	i	b	y	s	z	e	o	s
m	w	t	i	m	t	u	e	i	r	s	s	t	t	b	d
j	j	f	r	g	h	o	w	b	u	c	y	j	k	o	e
t	y	n	x	p	f	r	v	a	c	d	k	d	m	v	f
f	a	v	j	o	f	h	y	h	a	t	h	â	n	o	f
t	o	n	g	z	f	z	h	h	j	n	n	i	r	d	h



Opdracht 8 – Oefenje mei foarnamwurden en tiidwurden

Folje de missende wurden yn.



1. namme is Lianne en ik 12 jier. Ik in hûn en dy hjit Bello.



2. Bello, do in leave skat, en do de moaiste eagen.

Mar azem stjonkt wol wat



3. Sûnt koarten Billy derby kaam. Hy wol wat fan Bello,
mei leave eachjes!



4. Wy de bêste freonen mei trijen. Wy noait rûzje, haha.

Tema 1: Minsken en Mienskip

Klasse 1

minsk	mensen
mienskip	gemeenschap
gesin	gezin
âlden	ouders
heit	vader
mem	moeder
styfheit/styfmem	stiefvader/stiefmoeder
soan	zoon
dochter	dochter
broer	broer
sus	zus
healbroer/healsus	halfbroer/halfzus
poppe	baby
famylje	familie
pake	opa
beppe	oma
pakesizzer/beppesizzer	kleinkind
bernsbern	kleinkind
omke	oom
muoike/tante	tante
neef	neef
nicht	nicht
omkesizzer/muoikesizzer	neef/nicht
man	man
frou	vrouw
jonge	jongen
famke	meisje



Opdracht 9 – Famyljeleden

a. Folje it Fryske wurd yn:

..... - vader
 - moeder
 - zoon
 - dochter

b. Folje it Nederlânske wurd yn:

pake -
 beppe -
 bernsbern -
 omke -
 muoike -

c. Kies it goeie wurd en folje dat yn it **Frysk** yn.

Kies út: familie, jongen, meisje, man, vrouw, gezin

Hoi! Ik bin Melle, en dit is in selfy fan ús

Ik bin dy dêr links, mei de blauwe trui.

Us heit stiet neist my, dy yn it grien.

Dan komt myn suske Mara. Sy is in grappich

Us mem is de rjochts.

Sy soarget altyd goed foar de hiele



d. Skriuw no in stikje oer dyn eigen gesin. Brûk eventueel it stikje fan Melle as foarbyld.

.....

.....

.....

.....

.....

Tema 1: Minsken en Mienskip

Klasse 1

Moetsje & Begroetsje

Ontmoeten & Begroeten

Goeie(dei)

Hallo, hoi (goedendag)

Goeiemoarn (goemoarn)

Goedemorgen

Goeiemiddei (goemiddei)

Goedemiddag

Goeiejûn (goejûn)

Goedenavond

Oant aanst

Tot straks

Oant sjen

Tot ziens

Oant moarn

Tot morgen

Oant takom/nije/oare wike

Tot volgende week

Ik hjit ...

Ik heet ...

Myn namme is ...

Mijn naam is ...

Ik bin ... jier

Ik ben ... jaar

Ik wenje yn ...

Ik woon in ...

Ik bin syn/har ...

Ik ben zijn/haar ...

Dat is myn/ús ...

Dat is mijn ...

Dat binne myn/ús ...

Dat zijn mijn ...

Is dat dyn/jim ...?

Is dat jouw ...?

Bisto syn/har ...?

Ben jij zijn/haar ...?

Binne dat dyn/jim ...?

Zijn dat jouw ...?

Hoe hjit(te) dyn/jim ...?

Hoe heet(heten) jouw ...?

Hoe giet it mei dy?

Hoe gaat het met jou?

Hoe âld bisto?

Hoe oud ben jij?

Wêr komst wei?

Waar kom je vandaan?

Wêr wennesto?

Waar woon jij?



Opdracht 10 – Oefenje mei de praatkaart

- a. Besykje de sinnen yn goed Frysk ôf te meitsjen.

(Hallo).....! (Ik heet)..... Salma, (ik ben 19 jaar)..... en ik kom út Ethiopië. Dêr bin ik opgroeid mei myn heit, mem en Dawit. (Dat is mijn) broerke. Thús praten wy Amharysk en Ingelsk. Doe't ik 10 wie, binne wy ferhuze nei Nederlân ta. (Ik woon in)..... Ljouwert, yn Fryslân. It wie efkes wenne, mar Fryslân fielt no as thús. Ik hâld fan de rêst, de natuer en de freonlike minsken. No praat ik ek goed Nederlânsk en in bytsje Frysk. De taal is noch wol dreech, mar ik doch myn bêst en ik leau dat ik der hieltyd better yn wurd. (Tot ziens).....!

- b. Hoefolle talen praat Salma?

- ☐ 1
☐ 2
☐ 4
☐ 6

- c. Wat is wier?

- ☐ Salma fynt Frysk hiel maklik. Se hâldt fan drokte.
☐ Salma fynt Frysk dreech. Se hâldt fan drokte.
☐ Salma fynt Frysk maklik. Se hâldt fan rêst.
☐ Salma fynt Frysk dreech. Se hâldt fan rêst.



- d. Salma is ferhuze, út in oar lân nei Fryslân ta. Bisto alris ferhuze? Wêr hast wenne? En wêr wennest no?

.....

- e. Hoefolle talen praatsto? Hokker?

.....

- f. Salma is in nijkommer, mar al hielendal ynboargere. Watfoar advys soesto jaan oan ien dy't nij is yn Fryslân? Hoe soargest dat dy him of har thús fielt? Mietsje de sin ôf en jou in tip!

Om dy as nijkommer thús te fielen yn Fryslân kinst it bêste

.....

.....



Opdracht 11 – Puzelje mei famyljeleden

Hukselje de letters en meitsje sa it goede wurd.

1. Myn omke is sûnt in jier of tsien troud mei myn
KEMIOU
2. Us mem ken ús al sûnt se beide hiel lyts wiene.
TIEH
3. Doe't myn sus berne waard, hie ik al in grutte
REROB
4. De heit fan myn bêste freon is opnij troud; myn freon hat no in
MFYSMET
5. Sy is it âldste bernsbern en dêrmei de earste fan frou Visser.
PBIZESPREZE
6. Pytrik is in dochter fan ús heit, mar sy hat in oare mem as ik. Sy is dus myn
SLHEAUS
7. Kinst it wol merke, ik bin gek op myn
YJFMLAE



Opdracht 12 – Sykje ien dy't...

Jim kenne elkoar yn 'e klasse yntusken fêst al in bytsje. Dat kin helpe om ûndersteande 'bingokaart' yn te foljen.

De opdracht:

- Rin troch de klasse en sprek dyn klassegenoaten oan.
- Yntrodusearje dysels en begjin in petear (bygelyks troch te freegjen hoe't it mei de oar giet).
- Kies ien fan de fakjes op dyn kaart en stel in fraach (bygelyks: 'watfoar sport dochsto?').
- Kinst de namme ynfolje op dyn bingokaart? Sa net, dan meist noch 1 oare fraach stelle.
- Slút it petear goed ôf en sykje in oare klassegenoat.

Wa hat as earste de kaart fol?

Jullie kennen elkoar in de klas intussen zeker al een beetje. Dat kan helpen om onderstaande 'bingokaart' in te vullen.

De opdracht:

- Loop door de klas en spreek je klasgenoten aan.
- Introduceer jezelf en begin een gesprek (bijvoorbeeld door te vragen hoe het met de ander gaat).
- Kies een van de vakjes op je kaart en stel een vraag (bijvoorbeeld: 'watfoar sport dochsto?').
- Kun je de naam invullen op je bingokaart? Zo niet, dan mag je nog één andere vraag stellen.
- Sluit het gesprek goed af en zoek een andere klasgenoot.

Wie heeft als eerste de kaart vol?

**SYKJE IEN
DY'T...**

Mear as 1 broer of suster hat	In húsdier hat	Ut itselde wenplak komt as dy	Deselde hobby hat as dy
In ynstrumint spilet	Deselde sport docht as dy	It Frysk as tredde taal hat	It Frysk as twadde taal hat
It Frysk as memmetaal hat	In Fryske sport docht	Gjin broers of susters hat	Famylje hat yn it bûtenlân

Haadtelwurden

Klasse 1

ien	een
twa	twee
trije	drie
fjouwer	vier
fiif	vijf
seis	zes
sân	zeven
acht	acht
njoggen	negen
tsien	tien
alve	elf
tolve	twaalf
trettjin	dertien
fjirtjin	veertien
fyftjin	vijftien
sechtjin	zestien
santjin	zeventien
achttjin	achttien
njoggentjin	negentien
tweintich	twintig
ienentweintich	eenentwintig
tritich	dertig
fjirtich	veertig
fyftich	vijftig
sechtich	zestig
santich	zeventig
tachtich	tachtig
njoggentich	negentig
hûndert	honderd



Opdracht 13 – Spultsje: Bingo!

Tarieding

Elkenien nimt in stikje papier en tekenet dêr fiif fakjes op, lykas dit:

--	--	--	--	--

Dan follet elk fiif **selskeazen** getallen yn, tusken de **1** en **100**. Dit is in **foarbyld**:

35	76	12	91	6
----	----	----	----	---

No giet de dosint nei de bingomasine

(<https://basisonderwijs.online/digibordtools/bingo.html>)

Dat moat **net** op it grutte skerm, mar op de eigen laptop of tablet.

De dosint stelt de masine sa yn, dat er getallen fan 1 oant 100 generearje kin.

It spultsje

De dosint brûkt de bingomasine om getallen te generearjen.

Dy getallen wurde lûd, dúdlik en **yn it Frysk** oplêzen.

Stiet it getal op papier? Streekje it dan **troch**!

(Tip foar de dosint: hâld sels efkes by hokker getallen west hawwe, foar de tsjek!)

De winner

De learling dy't as earste fiif getallen trochstreke hat (en de dosint hat tsjekt oft dy getallen west hawwe), wint it spultsje!



Opdracht 14 – Oefenje mei tellen: de Ofslútdyk

Skriuw de ûntbrekkende sifers folút (yn it Frysk):

Weetsjes oer de Ofslútdyk

De Ofslútdyk skiedt de Waadsee fan de Iselmar. Dat hat

(3)..... foardielen: in feiligere kust, makliker om polders oan te lizzen, en swiet wetter foar lânbou en drinkwetter.

Alle dagen ride der sa'n (10).....tûzen auto's oer de

Ofslútdyk. It is dus in wichtige ferkearsdyk wurden! Cornelis Lely

ûntwikkele it plan foar de Ofslútdyk nei in grutte stoarm

yn 19(16)..... It duorre wol efkes foar't de bou begûn,

dat wie yn 19(27)..... pas.

Der is (5)..... jier wurke oan de Ofslútdyk, en op

(28)..... maaie 1932 wie er klear. De dyk is

(32)..... kilometer lang.

Lely hat it sels net mear meimakke, want hy stoar

yn (19).....29, doe't er (75)..... jier âld

wie. Hy krige noch wol gelyk, want sûnder de Ofslútdyk hie de ramp

fan 19(53)..... hiel wat slimmer west!



Opdracht 15 – Ynterview mei... dy

Wy wolle dy ynterviewe! Jou sa goed as mooglik antwurd op de fragen. Meitsje fan dyn antwurden hiele sinnen.



Goeie! Wa bisto?

1.

Moaie namme! Hoe âld bisto?

2.

En wêr komsto wei?

3.

Hasto ek broers of sussen?

4.

Aha! En hasto ek húsbisten? Hoefolle?

5.

Tige tank foar dit ynterview, in noflike dei fierder!

6.